

**SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde**

Rjochte oan DS / lid DS	Deputearre K. Kielstra
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Sûnt dit jier is gemeente Waadhoeke dwaande mei belied oangeande hûsfesting tydlike wurknimmers(Arbeidsmigranten).</p> <p>Okkerdeis wie der in ynformaasje gearkomste hjiroer yn Marsum dêr't mear as 100 fertsjinwurdigers fan doarpsbelangen, wurkjouwers, wenningstifting en ynwenners by oanwezig wiene.</p> <p>Utkomst fan dizze jûn is dat gemeente Waadhoeke in ûnôfhinklik advysburo ynskeakele hat (KAW). Der binne op dit stuit tusken de 1200 en 3500 fan dizze wurknimmers yn Waadhoeke neffens útstjoerders en wurkjouwers. Dêrfan is 70 prosint 'shortstay' (oant 6 moanne) en 'midstay' (oant 3e jier).</p> <p>Op dizze jûn binne troch stifting 'Flexwonen' ferskate senario's útlein om dizze grutte groep op in fatsoenlike manier wenje te litten. Der binne 3e senario's beskreaun.</p> <ol style="list-style-type: none"><li>1. Hûsfesting yn it bûtengebiet en by de wurkjouwer</li><li>2. Hûsfesting op de bedriuweterreinen</li><li>3. Grutskaligge hûsfesting yn de kearnen.</li></ol> <p>Op dizze jûn is in wurkgroep oprjochte mei fertsjinwurdigers fan doarpsbelangen, útstjoerders, wurkjouwers en gemeente.</p> <p>Dizze wurkgroep sil foar de simmer fan 2019 mei in advys foar de gemeenteried yn Waadhoeke komme.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. Is it kolleezje fan DS fan boppesteande ynformaasje op'e hichte?</li><li>2. Dielt it kolleezje de miening dat grutskalige hûsfesting fan tiidlke wurknimmers(short-en midstay yn de kearnen (opsje 3) net befoarderlik is foar de leefberens en sosjale koheezje yn de doarpen en wiken?</li><li>3. Kloppet it dat mei senario 1 en 2 ek de provinsje yn byld komt?</li><li>4. As dat yndied sa is, hokker provinsjaal belied en/of romtlik-juridyske regels fan de provinsje giet it dan krekt om dêr't rekkening mei hâlden wurde moat?</li><li>5. Spilet dit fraachstik op mear plakken yn de provinsje? Sa, ja kin de provinsje dan ek in gemeente-oerstiigjende rezjy rol pakke? Graach jo argumintaasje op hokker grûnen dat fan belang wêze kin. Kin de provinsje bygelyks in rol spylje om it saneamde wetterbêd effekt tsjin te gean, wêrby arbeidsmigranten hûsfeste wurde yn plakken of (buor)gemeenten dêr't de regels minder strikt binne?</li><li>6. Der is no in wurkgroep dy't mei dit fraachstik oan de gong</li></ol>

	giet. Oerwaget DS by gemeente Waadhoeke as KAW kenber te meitsjen hjir as provinsje ek yn meidwaan te wollen? Graach jo argumintaasje wêrom wol of net.
--	---

Yntsjinner(s)	FNP, K. Fokkinga
---------------	------------------

Datum	29-01-2019
-------	------------